

(060.5)313: 7/8 (492.71)

93-603

Boekmanstichting - Bibliothek  
Herengracht 415  
1017 BP Amsterdam  
Tel. 6243739

**TUSKEN AMBYSJE EN WERKLIKHEID**

**Beliedsplan fan it Frysk Keunstynstitút 1992-1995**

**Program 1992**

Boekmanstichting - Bibliotheek  
Herengracht 415  
1017 BP Amsterdam  
Tel. 6243739

**TUSKEN AMBYSJE EN WERKLIKHEID**

**Beliedsplan fan it Frysk Keunstynstitút 1992-1995**

**Program 1992**

**Frysk Keunstynstitút  
Grutte Tsjerkestrjitte 41, Ljouwert  
Postbus 805  
Tef. 058-134615  
Faks. 058-134685**

**Ljouwert, 1991**

|        |                           |             |
|--------|---------------------------|-------------|
| 0.     | YNHALD                    |             |
|        |                           | <b>side</b> |
| 1.     | YNLIEDING                 | 1           |
| 2.     | DE AMBYSJE                | 3           |
| 2.1.   | Eftergrûn                 | 3           |
| 2.2.   | It fjild fan de keunst    | 3           |
| 2.3.   | Utgongspunten             | 4           |
| 2.4.   | Prioriteiten              | 5           |
| 2.5.   | Rânebetingsten            | 6           |
| 2.6.   | It wurk                   | 7           |
| 2.6.1. | Algemien                  | 7           |
| 2.6.2. | Byldzjende keunsten       | 9           |
| 2.6.3. | Dûns                      | 11          |
| 2.6.4. | Muzyk                     | 12          |
| 2.6.5. | Toaniel                   | 13          |
| 2.6.6. | Aktiviteiten              | 14          |
| 2.6.7. | Fierdere aktiviteiten     | 15          |
| 3.     | DE WERKLIKHEID OANT NO TA | 17          |
| 3.1.   | Doel en taken             | 17          |
| 3.2.   | De organisaasje           | 17          |
| 3.3.   | It wurk                   | 19          |
| 3.4.   | It jild                   | 19          |
| 3.5.   | De húsfesting             | 20          |
| 3.6.   | Knyppunten                | 20          |
| 4.     | FINANSJES                 | 23          |
| 5.     | BYLAGE                    | 24          |

## 1. YNLIEDING

Nei't Provinsjale Steaten fan Fryslân op 19 desimber 1990 in beslút namen oer it "Eindvoorstel met betrekking tot de herstructurering van de overleg- en adviesstructuur op het terrein van welzijn alsmede van de steunfuncties op het gebied van de kunsten en de zorgstructuur", reizgen twa leden fan it deistich bestjoer fan de Fryske Kultuerried de oare deis nei de notaris ta om it karbrief yn oerienstimming mei it Steatebeslút bringe te litten.

Op 1 jannewaris 1991 wie, hoewol't de personele ynfolling op dat stuit noch net rûn wie, it Frysk Keunstynstitút in feit.

Hokfoar kant út te gear? Dêrta wie troch de tariedende wurkgroep foar de nije organisaasje yn 1989 al in earste notysje makke: "Fan trije nei ien: it Frysk Keunstynstitút."

Boppedat beanen en biede de ûnderskate steatebesluten in dúdlik ramt foar it Frysk Keunstynstitút.

"Dit FKY", sa seit it steatebeslút fan 19 desimber 1990, "neemt alle steunfunctionarissen voor de kunsten in dienst en biedt steun op het brede kunstenterrein, te weten de beeldende kunst, de muziek, het drama, de dans." Yn it selde stik wurde de folgjende taken foar it Frysk Keunstynstitút neamd:

1. Het vervullen van de steunfunctie op het terrein van het toneel, muziek, beeldende kunst, architectuur en vormgeving en dans.
2. Het verlenen van administratieve en financiële diensten aan culturele instellingen en organisaties.
3. Het verlenen van steun bij de organisatie van kunstactiviteiten in Friesland."

Dêrmei is de rjochting fan de nije organisaasje oanjûn, mar noch net op hokfoar wize en mei hokfoar gong it takepakket ynfold wurde sil. Wat moat foarrang hawwe en hokfoar drimpels moatte noch nommen wurde? Hoe sjocht it oparbeidzjen der út en hoefolle mei it kostje?

Op dy fragen wol dit, earste, beliedsplan fan it Frysk Keunstynstitút in antwurd jaan. Soks bart net mei it doel om it wurk en de mooglikheden fan de organisaasje, foar de kommende jierren foargoed fêst te lizzen. Soks soe yn striid wêze mei de faak hurde en ûnferwachte feroarings op it mêd fan de keunst. Soks bart wol mei it doel om de kwaliteit fan it wurk fan it Frysk Keunstynstitút te befoarderjen en de sawol fan bûten as fan binnen de organisaasje stelde fraach nei dúdlikens te jaan.

Dêrby is dizze earste kear keazen foar in net te wiidweidich, mar op it direkte wurk sels rjochte opset. Der is net keazen foar in brede analyze fan it ynstitút reitsjend oerheidsbelied of fan de te ferwachtsjen maatskiplike ûntjouwings. De jildigens fan sokke skôgings is faak mar hiel betreklik en de planperioade dêrta te koart.

Op de titelside fan dit beliedsplan steane twa jiertallen. It is it doel dat dit stik foar de kommende fjouwer jier jilde sil. Der moat lykwols rekken mei hâlden wurde dat dy perioade koarter wêze sil, om't krekt it nije fan de organisaasje al earder om in twadde beliedsplan freegje kin.

It beliedsplan fynt jierliks in konkrete oersetting yn in wurkprogram en begrutting.

De titel fan dit beliedsplan: "Tusken ambysje en werklikheid", jout de rjochting fan it wurk fan it Frysk Keunstynstitút foar de kommende fjouwer jier, wer. It Frysk Keunstynstitút wol net stilstean bliuwe, mar de gong der yn hâlde. It Frysk Keunstynstitút wol de keunsten yn Fryslân stypje, troch in aktive en ynspirearjende rol te ferfoljen.

Yn de opset fan it beliedsplan is keazen foar in kombinaasje mei it program fan aktiviteiten foar 1992. Dêrmei wurdt tefoaren kommen dat it stik al te abstrakt is en te fier fan de praktyk ôfstiet.

Yn haadstik twa - de kearn fan dit plan - wurdt, nei't yngien is op útgongspunten en prioriteiten, omtinken jûn oan de ûnderskate mêden dêr't it Frysk Keunstynstitút warber op is. Dêrby is oansluting socht by de personielsopbou fan it Ynstitút. Sadwaande binne der paragrafen foar û.m. de byldzjende keunst, de dûns, de muzyk, it toaniel en de aktiviteiten. De lêste titel docht tinken as soene de aktiviteiten fan it Frysk Keunstynstitút allinne yn dy paragraaf nei foaren komme. Dat is lykwols net it gefal. Ek de oare paragrafen geane oer de aktiviteiten fan it Frysk Keunstynstitút.

Dêrmei kin nochris de klam lein wurde op it feit dat it Frysk Keunstynstitút in 'dochynstitút' is. It giet om in dúdlik takepakket dêr't hurd oan arbeide wurdt, mei ynset en belutsenens nei de hiele keunstsektor yn Fryslân.

## 2. DE AMBYSJE

### 2.1. Eftergrûn

Yn de ynlieding is al steld dat der net keazen is foar in brede analyse fan it ynstitút reitsjend oerheidsbelied of fan de te ferwachtsjen maatskiplike ûntjouwings.

Dochs kin foar it oanjaan fan it plak fan it Frysk Keunstynstitút en de rol dy't it de kommende fjouwer jier spylje wol, net foarby gien wurde oan it neamen fan inkelde ûntjouwings dy't yn dat ferbân de kommende fjouwer jier fan belang lykje.

Dat is yn it foarste plak in ûntjouwing dy't it bêst oantsjut wurde kin mei de term **kontraasje**. Rûnom ferdwine foarsjennings of geane op yn gruttere ienheden, ek it Frysk Keunstynstitút is mei in produkt fan dy ûntwikkeling. En de provinsjale besluten oangeande de kulturele ynfrastruktuer fan Fryslân litte krekt sjen wat der oan de hân is. It Frysk Orkest is opgien yn in noardlike foarsjening. De Keunstakademy is ferdûn. It Fries Museum wurdt grutter en de byldzjende keunstners krije it hieltiten dreger. Fryslân hat straks twa grutte skouboargen, mar wat is de takomst fan de lytse kulturele sintra?

Yn it twadde plak moat wiisd wurde op it smeller wurdende **draachflak** fan de Frysktalige keunstuterings. Hoefolle (toaniel-)skriuwers binne der, hoefolle talintfolle en oankommende kabaretiers binne der? Wa kin yn goed en libben Frysk oersetse? Hoefolle hat it gemeentlike nivo finansjeel oer foar aktiviteiten op it mêd fan it Frysk? En hoe grut is net de ynfloed fan it Hollânsk?

En dêrmei kin ek in tredde ûntwikkeling neamd wurde dy't net sûnder belang foar de keunstsektor en dêrmei it Frysk Keunstynstitút is.

Sa likernôch fyftjin jier lang hat it kultuer- en keunstbelied yn de oerheidsboekhâlding diel fan it wolwêzensbelied útmakke. Dy yn de santiger jierren útein setten oanpak is no wer ta in ein kommen. Der kin fan útgien wurde dat it keunstbelied de kommende jierren as in **eigensoartich beliedsûnderdiel**, dêr't boppedat de nedige prioriteit oan jûn wurde sil, behannele wurde sil.

Foar it Frysk Keunstynstitút betsjut it foargeande in yn Fryslân uterst wichtich plak en slim belangrike opdracht.

### 2.2. It fjild fan de keunst

It fjild dêr't it Frysk Keunstynstitút warber op is, ken de nedige fariaasje. Sa giet it yn de dûns, de muzyk en it toaniel foaral om amateurs, wylst de byldzjende keunst krekt in sektor fan beropsminsk is. Op it mêd fan de poadiumkeunsten leit it wêr oars, mei oan de iene kant beropsmjittich wurkjende foarsjennings en oan de oare kant útkeaporganisaasjes, dy't troch frijwilligers dien wurde. Itselde jildt oan de oanbodkant: in soad beropsselskippen en -groepen, mar tagelyk ek it oanbod fan amateurs en semi-berops.

Ek as der sjoen wurdt nei de organisaasjegraad binne de ferskillen dúdlik. It amateurtoaniel, dat sterk organiseard is en fanâlds in provinsjale tradysje hat, en de galery's en útstallingsromten dy't hielendal net organiseard binne.

Dûnsskoallen dy't elts foar harren sels opkomme en de folksdûns dy't har provinsjaal goed organiseard hat.

In tredde punt fan ferskil bestiet út de ûntwikkelings dêr't de iene sektor wol mei te krijen hat en de oare net. Sa giet it yn it toaniel allinne om 'non-profit'-foarsjennings, wylst op it mêd fan de skouboargen of de byldzjende keunsten wat langer wat mear kommersjeel arbeidzjende buro's ek harren tsjinsten oanbiede.

Dy ferskillen meitsje ek in ferskillende oanpak fan it wurk nedich. Op it mêd fan it toaniel is de organisaasjegraad en de tradysje sadanich dat it Frysk Keunstynstitút dúdlike fragen om stipe en tsjinstferliening steld wurde en wurde kinne. As it lykwols om aktiviteiten oer de grinzen fan ien sektor hinne giet of om de binnen de omskriuwing fan de stipefunksje neamde ûntwikkelingsfunksje giet, mei der fan it Frysk Keunstynstitút ferwachte wurde dat der inisjativen nommen wurde. Op it mêd fan de byldzjende keunsten giet it foar in grut part om tsjinstferliening oan yndividuele keunstners sûnder de oanwêzigens fan in organisatoarysk tuskenfjild. Dat betsjut in oare oanpak as op it mêd fan de muzyk, dêr't in tal provinsjale organisaasjes in dúdliker ferlet fan stipe formulearje.

It is eigen oan it plak fan it Frysk Keunstynstitút yn it Fryske fjild fan de keunst om de beskikbere middels te rjochtsjen op dyjingen en dy organisaasjes dy't sels net oer sokke middels beskikke.

As it om de profilearring fan it Frysk Keunstynstitút giet, kin net oan it plak fan de organisaasje en de twa kanten fan syn wurk, nammentlik tsjinstferliening en 'eigen' aktiviteiten, foarby gien wurde. Yn it earste gefal giet it faak om wurk ûnder de flagge fan oare organisaasjes. It Frysk Keunstynstitút sil him sawol mei it wurk foar treden as mei de 'eigen aktiviteiten' profileare moatte.

### 2.3. Utgongspunten

It Frysk Keunstynstitút wol de sintrale stipe-organisaasje op it mêd fan de keunst yn en foar Fryslân wêze.

Dat plak kin krigen wurde troch it spyljen fan in **warbere en ynspirearjende rol**, rjochte op it **kwalitatyf fersterkjen fan it oanbod op it mêd fan de keunsten yn Fryslân**.

Foar de útwurking fan dat wollen kin ûnderskied makke wurde nei de produksje- en de konsumpsjekant fan de keunst.

Wat de **produksjekant** oanbelanget, sil it wurk rjochte wêze op:

- de foarstap ta en/of it ta stân bringen fan projekten en/of aktiviteiten boppe it al besteande oanbod. Dêrby moat it gean om saken dy't fierder as ien wurksoart geane en/of sa nijsgjirrich binne dat it om dy reden allinne al nedich is dat it yn Fryslân bart;
- it befoarderjen fan de deskundigens yn de keunstsektor troch it oanbieden fan kaderkursussen, ûntwikkelingsprojekten en net yn it lêste plak troch de organisaasje fan lêzings en diskusjegearkomsten;
- de help en stipe oan en de begelieding fan it wurk fan de ûnderskate organisaasjes op it mêd fan it Frysk Keunstynstitút;

- de dokumintaasje fan it oanbod, it wurk en de ûntjouwings op it eigen mêd.

Wat de **konsumpsjekant** oanbelanget, sil it wurk rjochte wêze op:

- de promoasje fan en de foarljochting oer de sektor keunst, it eigen wurk dêrby ynbegrepen;
- de akwisysje en begelieding fan opdrachten;
- it edukatyf begelieden fan projekten en/of aktiviteiten;
- de dokumintaasje fan it oanbod, it wurk en de ûntjouwings op it eigen mêd.

Dêrby is it **non-profit-karakter** fan de organisaasje in fêststeand en beskiedend feit.

It wurkjen mei mienskipsjild en it net op it meitsjen fan winst rjochte wêzen, hâldt yn dat it Frysk Keunstynstitút syn wurk allinne dwaan kin mei as útgongspunt it kwalitatyf fersterkjen fan it oanbod op it mêd fan de keunsten yn Fryslân. Sawol de eigen foarstap ta aktiviteiten, as de fraach fan treden om tsjinsten, sil oan dat útgongspunt hifke wurde.

#### 2.4. Prioriteiten

De grûnslach foar it Frysk Keunstynstitút leit yn de **tsjinstberens oan produsinten en konsuminten fan keunst yn Fryslân**, mar it Ynstitút soe syn funksje net wiermeitsje as tsjinstberens allinne útlein wurde soe as it op fersyk fan, of yn opdracht fan treden, beskikber stellen fan syn tsjinsten. As de nije organisaasje in inisjearjende en aksellerearjende rol spylje wol, en dat is it gefal, ek yn syn tsjinstferliening, sille de nedige tiid en middels foar dat doel beskikber steld wurde moatte.

**Yn it beliedstiidrek fan dit plan wol it Frysk Keunstynstitút komme ta in sa goed mooglik lykwicht tusken de tsjinsten oan treden en de eigen aktiviteiten.** Dat lykwicht hat syn gefolgen foar de ynset fan it beskikbere jild. Oan de ein fan it yn dit plan beskreaune tiidrek moatte de finansjele sketten dy't op dit stuit noch tusken de ûnderskate wurksoarten steane, ferdwûn wêze. Dat wol trouwens net sizze dat der yn dy situaasje foar de iene wurksoart wol en foar de oare wurksoart gjin jild wêze sil. De ynset fan de beskikbere middels hat ommers alles te krijen mei de oanwêzigens en de ynset fan de konsulinten foar dy wurksoarten.

**It neistribbe lykwicht tusken it wurk binnen ien wurksoart en it wurk dat mear as ien wurksoart rekket, hinget mei it foargeande gear.** It seit himsels dat it grutste part fan it wurk ta it earste skift heart.

Der soe allinne ûnfoldwaande fan de mooglikheden fan ûnderskate stipefunksjes binnen ien organisaasje gebrûk makke wurde, as der net arbeide wurdt oan aktiviteiten dy't foar de hiele of in grut part fan de keunstsektor fan belang binne. Dêrby kin tocht wurde oan festivals, it befoarderjen fan deskundigens of de promoasje en de foarljochting. **Dat wurk kriget de kommende fjouwer jier de nedige prioriteit.**

Wat oars is it oparbeidzjen mei de ûnderskate organisaasjes yn it Fryske fjild. It leit yn de reden dat der sa goed mooglik oparbeide wurdt mei organisaasjes, groepen en keunstners, sawol as it giet om



gearwurkingsaktiviteiten, as om de eigen aktiviteiten. Yn dat ferbân moat melding makke wurde fan in hjoeddedei ûnfoldwaande sicht hawwen op de inisjativen fan treden en dêrmei de fraach nei de tsjinsten fan it Frysk Keunstynstitút. Dêrby giet it faak om in koartrinnende fraach, mar soms ek om saken dy't oer in langere tiid de nedige enerzjy fregje. Foar dat wurk dat foar in part ûnder it begryp 'stille advisearring' falt, sil it kommend tiidrek 10% fan de beskikbere tiid fêst reserveard wurde.

It is fierder sa dat as de eigen aktiviteiten en projekten yn in grutter ramt ynpast wurde kinne, dat net neilitten wurde sil. In foarbyld fan dy oanpak, kin yn de kommende jierren mooglik fûn wurde op it mêd fan it kultuertoerisme. It Frysk Keunstynstitút sil oan de ûntwikkeling fan datsoarte fan aktiviteiten foarrang jaan.

Yn ditselde ferbân moatte ek de promoasje en de foarljochting neamd wurde. De needsaak ta in adekwate promoasje en foarljochting komt net allinne út de sektor sels wei, mar hinget ek sterk gear mei de nijens fan de organisaasje. Op dit stuit fynt de skriftlike promoasje fan it ynstitút noch ferbrokkele pleats. Sa is it Frysk Keunstynstitút útjouwer fan de Toanielkrante, in nijsbrief dûns en in nijsbrief byldzjende keunsten, wylst in algemien periodyk mist. Dy situaasje moat ferbettere wurde. Dêrom sil yn 1992 besocht wurde te kommen ta ien periodyk oer it wurk fan it Frysk Keunstynstitút, kompleminteard mei ynfobulletins foar de ûnderskate wurksoarten.

Under 2.3. is wiisd op it non-profit-karakter fan it Frysk Keunstynstitút. Dat is fan belang om't oars as foarhinne, hjoeddedei ek de nedige kommersjele organisaasjes op it mêd fan it Frysk Keunstynstitút arbeidzje. Sjoen it útgongspunt oangeande it kwalitatyf fersterkjen fan it oanbod op it mêd fan de keunsten en it non-profit-karakter fan de organisaasje, soe it Ynstitút it leafst gjin rekkens skriuwe foar syn wurk. Yn de praktyk kin dat lykwols op dit stuit net, om't dêrta in subsydzje-reorganisaasje nedich is. It Frysk Keunstynstitút sil op sa'n subsydzjeferkaveling oanstean en sa lang dat net slagge is, it skriuwen fan rekkens as in útsûndering op de regel beskôgje. Sa'n útsûndering jildt foar de administrative tsjinstferliening, lykas it yn opdracht fan b.g. de gemeentlike oerheid útfieren fan beskate taken.

## 2.5. Rânebetingsten

Om it wurk goed dwaan te kinnen, sil der foldien wurde moatte oan in tal rânebetingsten sa't dat folget út de ynterne organisaasje, de finânsjes en de húsfersting.

Wat de ynterne organisaasje oanbelanget, moat as earste betingst formuleard wurde, dat it mooglik makke wurde moat om it kommend tiidrek yn organisatoaryske en finansjele rêst it wurk te dwaan. Nei in fan bûten opleine reorganisaasje-perioade fan sa'n trije jier, moat de organisaasje en eltsenien dy't dêryn behelle is, de tiid en rêst hawwe om alle foarrang oan it wurk sels te jaan. Allinne yn dat ljocht al moatte aktuele provinsjale plannen ta in reorganisaasje fan it wurk op it mêd fan de byldzjende keunsten, ôfwiisd wurde.

Dat wol net sizze dat der fan de organisaasje sels út gjin needsaak is of wêze sil om in tal saken te feroarjen. No't de nije organisaasje fan papier ta in feit wurden is, docht ek bliken dat de werklikheid soms wat oars is, as earder ynskat wie.

Dat jildt nei de omfang fan funksjes. Der sil hjirnei yngien wurde op de

ferhâlding tusken it organisatoaryske en it ynhâldlike wurk. Dy ferhâlding wurdt dúdliker as de klam yn it wurk fan de ûnderskate konsulinten op de ynhâldlike stipe lein wurdt en de organisatoaryske stipe safolle mooglik komt te lizzen by dy meiwurk(st)ers dy't dêrta spesifyk ynhierd binne lykas de organisatoarysk meiwurkster.

Fierders sil de fleksibiliteit yn funksjes stipe wurde, troch in aksint op projektorganisaasje en lâns de wei fan foarming en oplieding.

Utgongspunt foar eltse organisatoaryske feroaring bliuwt de plattens fan de organisaasje, lykas de koarte linen oer en wer.

Foar in sa goed mooglike ferantwurding en evaluaasje fan it belied sil neigien wurde as der njonken de ynhâldlike ferslachjouwing, ek yntern arbeide wurde kin mei in mear kwantitative ferslachlizzing, sa mooglik mei help fan kearnsifers.

De administrative stêf is yn relaasje ta it tal konsulinten te lyts. De yn 1992 yn te fieren brede automatysearing en de hooplik op net te lange tiid te realisearjen iene lokaasje foar it wurk, moatte dat knypunt oplosse.

Yn 1992 sil in begjin makke wurde mei de opset fan it personielsbelied fan it Frysk Keunstynstitút. Dat belied giet op dit stuit net fierder as it folgjen fan de provinsjale foarskriften en regels yn dizzen. Dy foarskriften en regels biede in ramt dat fierder noch ynfold wurde moat as it bygelyks giet om it formaasje- en wurkpaadbelied, de funksjewurdearring en foarming en oplieding.

Wat de finânsjes oanbelanget, giet it Frysk Keunstynstitút út fan in lykbliuwend provinsjaal subsydze, of as it yndied slagje soe om ta in subsydzjeferkaveling te kommen, sadat it Frysk Keunstynstitút syn tsjinsten fergees ferliene kin, wurdt fan in foar de Provinsje budzjettêre neutraliteit útgien. Dy ferkaveling huz wat it Keunstynstitút oangiet in hege prioriteit.

Los fan de subsydzjeproblematyk, sil it nedige jild foar de opset en de útfiering fan eigen aktiviteiten en barrens fûn wurde mei help fan projektsubsydzjes, sponsorjilden en fûnsjilden. Dat mêd fertsjinnet ekstra omtinken.

Op dit stuit is it Frysk Keunstynstitút net allinne húsfeeste op twa lokaasjes, mar der misse ek in tal romten. Sa is it Frysk Keunstynstitút op dit stuit fan treden ôfhinklik as it giet om de presintaasje fan de eigen útstallings. Sa'n romte wurdt yn it algemien mist as it giet om de promoasje fan keunstners en keunstoanbod.

Der is gjin romte foar dûns en muzyk of foar diskusje en debat. Sjoen de oan it Frysk Keunstynstitút opdroegen funksjes, is dit in grut knypunt dat op net te lange tiid, en yn elts gefal binnen de planperioade, oplost wurde moat.

Dêrby sil wol fan ekstra provinsjaal jild útgien wurde moatte.

## **2.6. It wurk**

### **2.6.1. Algemien**

#### **2.6.1.1. De kommende fjouwer jier**

Wat de ynterne organisaasje fan it Frysk Keunstynstitút oanbelanget sil it omtinken de kommende fjouwer jier rjochte wêze op it ta stân bringen en oerein hâlden fan in gearhingjende en fleksibele organisaasje dy't mei

deskundigens, belutsenens en ynset har sintrale rol yn it Fryske keunstlibben spilet.

Dat betsjut in duorjend wach wêzen op it oanpassen fan de organisaasje op feroarjend ferlet en nije fraach. De yn dat ljocht oprjochte stichting Projekten Keunstynstitút sil dêrby in foarnaam ynstrumint wêze kinne.

It selde jildt foar de formele organisaasje fan it Frysk Keunstynstitút.

Oan de ein fan it plantiidrek sil kritysk besjoen wurde nei de funksje fan de ûnderskate wurkgroepen en kommisjes en de stichtingsried.

Yn it selde ferbân freget de opset en útfiering fan in personielsbelied it nedige omtinken, lykas foar it gebiet fan oplieding en foarming fan meiwurk(st)ers. As de organisaasje in bliuwende liedende rol spylje wol, fertsjinje dizze saken de nedige enerzjy en finansjele mooglikheden.

As lêste punt moat de needsaak fan in aktyf p.r. belied foar it Ynstitút neamd wurde. It funksjonearjen fan it Ynstitút hinget nau gear mei syn bekendheid, en dêrom sille de nedige middels op dat gebiet ynset wurde moatte.

Wat de eksterne organisaasje oanbelanget moat it folgjende opmurken wurde. Binnen Fryslân sil it oparbeidzjen mei kollega- en oanswettende organisaasjes neistribbe wurde. Yn dat ferbân is al earder wiisd op it foarbyld fan it kultuertoerisme, der kin ek wiisd wurde op de omrop yn Fryslân. As it om it ûnder de minsken bringen fan keunst giet, as it om it oanfiterjen fan de keunstdiskusje giet of as it om it ferromjen fan de produksjemooglikheden foar de keunst giet, dan is alle kearen, yn provinsjaal ferbân foaral de provinsjale omrop fan grut belang. Dêrnjonken moat ek de Stichting Kunstzinnige Vorming Friesland neamd wurde, om't Provinsjale Steaten fan Fryslân dêrfan sein hawwe dat op 'en doer in mei-elkoar gear mei it Frysk Keunstynstitút besprekber makke wurde moat. It seit himsels dat yn de no foarlizzende planperioade de nedige tiid set wurde sil yn boppesteande saken.

Wat de bestjoersdielname yn oare organisaasjes oanbelanget, der sil fan in ôfhâldend belied útgien wurde.

It Frysk Keunstynstitút is der foar it 'fjild'. Dat is foaral fan belang om't de eardere advys- en oerlisfunksje fan de Fryske Kultuerried mei rjochte wie op de beliedstarieding troch de provinsjale oerheid.

Dat wol net sizze dat der gjin wurk foar c.q. yn opdracht fan de oerheid dien wurde kin. Sa komt it Frysk Keunstynstitút de oerheid tsjin as opdrachtjouwer op b.g. it mêd fan de byldzjende keunsten. En sa kin it yn opdracht fan in gemeentlike oerheid meitsjen fan in notysje oer it te fieren keunstbelied sjoen wurde as in yndirekte bydrage oan it kwalitatyf fersterkjen fan it aanbod op it mêd fan de keunsten yn Fryslân. Soks sil lykwols allinne yn opdracht en tsjin fergoeding dien wurde.

Bûten Fryslân sil der mei kollega-organisaasjes yn de oare provinsjes sa nedich oparbeide wurde. Boppedat hat it Keunstynstitút belang by de ynformaasje-útwiksel en lanlike stipe fan organisaasjes lykas it 'Landelijk Overleg van Provinciale Instellingen op het terrein van de Kunsten', it 'Landelijk Centrum voor de Amateurdans' en de 'Landelijke Organisatie voor de Kunstzinnige Vorming'. De kontakten mei dy organisaasjes sille stipe wurde.

Yn de kommende fjouwer jier sil ek omtinken jûn wurde oan de tanimmende mooglikheden ta in presintaasje yn it bûtenlân. De yn 1991 útein setten Hanze-ynterregio biedt in ramt, dêr't it Keunstynstitút foar besykje sil neiere ynfolling oan te jaan.

Boppedat is it Frysk Keunstynstitút dielnimmer yn it wurk fan de Fryske Rie dy't, hoewol lytsskalich en bot spesifyk, mei stal jout oan in ynternasjonale presintaasje en útwikseling û.o. op it mêd fan de keunsten. Dy dielname sil fuortset wurde.

### **2.6.1.2 It jier 1992**

Yn it jier 1992 sil

- der wurke wurde oan in plan foar en útfiering fan in op it Frysk Keunstynstitút tasnien personielsbelied, ynklusyf in belied op it mêd fan oplieding en foarming;
- in húshâldlik reglemint makke en fêststeld wurde;
- in reglemint foar de direkteur makke en fêststeld wurde;
- stipe jûn wurde oan it wurk fan it bestjoer en de stichtingsried;
- omtinken jûn wurde oan nije projekten en de promoasje, mei dêrûnder ien medium foar it nei bûten bringen fan it wurk fan it Frysk Keunstynstitút;
- tiid frijmakke wurde foar it ferbetterjen fan de húsfestingssituaasje;
- stal jûn wurde oan oerlis mei SKVF en SOF;
- dielnommen wurde oan it wurk fan de Fryske Rie;
- wurke wurde oan in bettere finansieringsopset foar it Frysk Keunstynstitút;
- de nedige tiid stutsen wurde yn 'silent advice' en
- enerzjy stutsen wurde yn it oerlis en oparbeidzjen mei de dêrta relevante organisaasjes yn Fryslân en dêrbûten.
- de oergong fan it edukatyf-emansipatoarysk wurk foar froulju nei it Emancipatie buro Friesland realiseard wurde.

## **2.6.2 Byldzjende keunsten en boukeunst**

### **2.6.2.1 De kommende fjouwer jier**

Op it gebiet fan de byldzjende keunst en boukeunst sille omtinken en enerzjy de kommende fjouwer jier safolle mooglik lykop ferparte wurde oer it befoarderjen fan de deskundigens yn de keunstsektor, de promoasje fan en de foarljochting oer de byldzjende keunsten en de akwisyfje fan en bemiddeling by opdrachten.

It oanbod en de begelieding fan edukative útstallings sille op it besteande nivo fuortset wurde.

It befoarderjen fan de deskundigens yn de sektor sil oanpakt wurde troch:

- de organisaasje fan stúdzjedagen en rûne tafel-konferinsjes oer foar de beropsgroep byldzjende keunstners en dêrmei te krijen hawwende organisaasjes en ynstânsjes aktuele ûnderwerpen;
- it paadwizen en helpen fan de byldzjende keunstners yn Fryslân op it hiele mêd fan de beropsútoefening, sawol yn direkte kontakten as troch it skriftlik ynformearjen;
- it helpen fan organisaasjes by de opset fan byldzjende keunst-aktiviteiten;
- it sels organisearjen fan byldzjende keunst-aktiviteiten dy't binnen it

fierdere oanbod in dúdlike foarbyldwurking hawwe.

De promoasje fan en de foarljochting oer de byldzjende keunsten sille dien wurde troch:

- it attindearjen fan û.m. útstallingsorganisators en opdrachtjouwers op it wurk fan de Fryske byldzjende keunstners. Dêrby spilet de dokumintaasje byldzjende keunsten lykas it krekt útkommen boek 'Beeldende Kunstenaars Friesland' in grutte rol. Yn de mande mei kollega-organisaasjes bûten Fryslân sil besocht wurde de útstallingsmooglikheden foar de Fryske keunstners bûten Fryslân te ferromjen. Ek sil der gebrûk makke wurde fan de nije mooglikheden dy't de Hanze-ynterregio yn dizzen biede sil;
- it opsetten en útjaan fan in tydskrift oer byldzjende keunst en boukeunst yn Fryslân, ornearre foar in breed publyk.

De bemiddeling by opdrachten sil har gerak krije troch:

- ekstra omtinken foar de akwisyasje fan opdrachten troch û.m. oparbeidzjen mei 'Hûs en Hiem' foar it signalearjen fan kommende bouprojekten en it aktyf benaderjen fan opdrachtjouwers;
- it útlûken fan de nedige tiid foar opdrachtbegeleiding;
- it sa goed mooglik foarm jaan oan de dokumintaasje byldzjende keunsten troch benammen omtinken te jaan oan it aktueel hâlden.

Binnen de besteande mooglikheden sil elts jier in edukative útstalling op it mêd fan byldzjende keunst, foarmjouwing of boukeunst makke wurde. De begeleiding dêrfan bart ek fan it Frysk Keunstynstitút út.

It Frysk Keunstynstitút is net de iennige organisaasje dy't har yn Fryslân dwaande hâldt mei de promoasje fan byldzjende keunst, opdrachtbemiddeling of it opsetten fan edukative projekten. Foar it wurk fan it Ynstitút binne kwaliteitsferbettering en foarbyldwurking yn dy gefallen en yn it algemien rjochtingjaand foar syn oanpak.

### **2.6.2.2 It jier 1992**

Yn 1992 sil it wurk op it mêd fan de byldzjende keunsten en boukeunst as folget ynfold wurde:

- de organisaasje fan in symposium oer opdrachtbeleid;
- de organisaasje fan in rûne tafelkonferinsje foar galerys en útstallingsromten oer útstallingsprogrammearing, mienskiplike promoasje en mienskiplike presintaasje;
- stipe oan yndividuele keunstners by harren wurk, subsydzjefersiken, promoasje;
- it meitsjen fan in rûnskriuwen foar de byldzjende keunstners mei aktuele berjochten fan belang foar de beropsútoefening;
- de help en stipe by de organisaasje fan byldzjende keunst-aktiviteiten troch û.m. de Stichting Westerkerk, Ljouwert, de Christelike Hogeschool Noord-Nederland, de Stichting Heerenveen in Beeld, de Stichting Kunstpromotie Sneek, it Comité Friesland-Litouwen, de Stichting Monument van de Maand, de Stichting Beeldende Kunst Friesland, de Friesland Hal te Leeuwarden, de Stichting Bouw-Kunst en de Stichting Keramische Kunst en Vormgeving;

- de organisaasje fan in byldzjende keunst presintaasje;
- akwisyse-aktiviteiten yn de rjochting fan potinsjele opdrachtjouwers;
- bemiddeling by en ynformearjen oer byldzjende keunst-opdrachten; advys oer opdrachtbelied, byldplannen, prosedueres en subsydzjefersiken;
- de organisaasje fan keunstreizen bedoeld foar byldzjende keunstners en útstallingsorganisators;
- aktueel hâlden fan de byldzjende keunstdokumintaasje;
- it meitsjen en útjaan fan in tydskrift oer keunst en boukeunst yn Fryslân;
- begelieden fan de edukative útstalling 'Bouwen met verbeelding' en meitsjen fan in nije edukative útstalling;
- ynfoljen byldzjende keunst-bydrage oan de 'Wike fan de Keunst' en manifestaasje fan treden.
- útfieren fan de provinsjale oankeapsubsydzjeregeling keunstwurken.

### 2.6.3. Dûns

#### 2.6.3.1. De kommende fjouwer jier

Op it mêd fan de dûns wurdt de foarrang jûn oan de fierdere ûntwikkeling fan de amateurdûns, rekken hâldend mei ferlet, wollen en kinnen yn de ûnderskate dûnssoarten.

It wurkfjild foar de dûns wurdt foarme troch it Frysk Folksdûnssintrum, de Fryske groepen oansluten by it Distrikt Noord van de Federatie van Folkloristische Groepen in Nederland en it Oerlis Dûnspedagogen.

Yn it wurk sels sil de foarrang jûn wurde oan it befoarderjen fan de deskundigens en de kwaliteit troch it oanbieden fan kaderkursussen, ûntwikkelingsprojekten en it jaan fan op de dûnspraktyk rjochte ynformaasje. De bernedûns sil bysûnder omtinken krije. Boppedat sil der foldien wurde oan de fraach nei bemiddeling tusken fraach en aanbod út it wurkfjild.

It Frysk Keunstynstitút sil ekstra omtinken jaan oan de mooglikheden ta en ûnderfining mei poadiumpresintaasjes foar de amateurdûns. Krekt yn ferliking mei de oare poadiumkeunsten hat de amateurdûns op dit punt in efterstân. Der sil ek wurke wurde oan de opset fan in poadiumsirkwy foar de amateurdûns.

Der sil posityf yngien wurde op fragen fan treden om dûnsaktiviteiten yn it ramt fan teaterprograms en festivals ensafh., te organisearjen.

By gearwurkingsprojekten mei de Fryske teaters sille dy ynstellings ynformearde wurde oer de ûntjouwings op dûnsmêd.

It oparbeidzjen mei benammen de toaniel- en muzykpraktyk sil neistribbe wurde. Der sil wurke wurde oan it opsetten fan in teatereksperiment yn oparbeidzjen mei muzyk en toaniel.

De nije ûntwikkelings op it dûnsmêd sille sawol lanlik as provinsjaal folge wurde en oan it eigen fermidden trochjûn wurde.

Yn de kommisje Dûns fan it Frysk Keunstynstitút moat in goede ôfstimming tusken it wurk fan it Frysk Keunstynstitút en it wurk en it ferlet fan alle yn dy kommisje fertsjinwurdige organisaasjes op it mêd fan de dûns yn Fryslân krigen wurde.

### 2.6.3.2 It jier 1992

Yn it jier 1992 sil it wurk bestean út:

- de organisaasje fan in dûnstrijedaachse: in byoplieding foar it diplomearre kader, in nijjerskursus folksdûns, in byoplieding folksdûnskader en bernedûnskader, in bernedûnsdei, in wykeinkursus oer it meitsjen fan koreografyen, in dûnsfakânsjekamp, In kans voor Dans-dei;
- it opsetten fan in musikaltraining;
- it tarieden en úteinsetten fan in projekt poadiumpresintaasje;
- de organisaasje fan workshops grime, presintaasje, koreografy en teatertechnyk;
- it fersterkjen fan de dokumintaasjefunksje fan it Frysk Keunstynstitút op it mêd fan de dûns;
- it tarieden fan in byoplieding folkloredûnskader en muzikale begelieders;
- bydrage oan de 'Wike fan de Keunst' en manifestaasjes fan treden;
- stipe oan yndividuele groepen en dosinten by harren wurk, promoasje, subsydzjefersiken;
- it jaan fan ynformaasje oer it dûnsbarren yn Fryslân, ynklusyf it meitsjen fan in rûnskriuwen foar de dûns yn Fryslân;
- it dwaan fan ûndersyk nei opset, ferdieling en soarte fan dûnslessen yn Fryslân.

### 2.6.4. Muzyk

#### 2.6.4.1. De kommende fjouwer jier

It wurk op it mêd fan de muzyk kin de kommende fjouwer jier net lossjoen wurde fan it earder út Fryslân ferdwinen fan it Frysk Orkest en it Ljouwerter konservatoarium. It mei it ferdwinen fan dy foarsjennings fuortfallen profesjonele oanbod kin net troch it Frysk Keunstynstitút opfold wurde, mar der sil al besocht wurde om troch it befoarderjen fan de deskundigens yn de muzyksektor, de foarstap ta projekten en/of aktiviteiten boppe it besteande oanbod en de help en stipe oan en de begelieding fan it wurk fan de ûnderskate muzykorganisaasjes, de kwaliteit fan it oanbod op muzykmêd sa heech mooglik te hâlden.

It befoarderjen fan de deskundigens wurdt stal jûn troch de organisaasje fan kaderkursussen, stúdzjedagen, play-ins en workshops. Ek it wurk foar it Jeugdharmony-orkest en de Jeugdbrassband stiet op de selde streek.

Yn it plantiidrek sil it nedige wurk dien wurde foar it hâlden fan in ynternasjonaal hoarnkonkoers fan in heech nivo dat yn 1994 of 1995 pleatsfine moat. Ek in nij inisjatyf sil de opset fan in koarskoalle wêze.

Der sil neigien wurde as it ferfoljen fan in ympresariaatsfunksje foar beskate Fryske groepen en musisi op adekwate wize ferfold wurde kin, om dêrmei mear ynhâld te jaan oan de promoasje fan it Fryske muzyklibben. Dit lêste kin trouwens net lossjoen wurde fan de promoasje foar alle poadiumkeunsten.

Fierwei it grutste part fan de beskikbere tiid sil opgean oan de help en stipe oan de ûnderskate muzykorganisaasjes: SAKO, SAMO, Friese Jazzfederatie en

Federatie van Friese Muziekscholen. Der sil neigien wurde op hokfoar wize sa goed mooglik yn it ferlet fan stipe fan de Stichting Friesland Pop foarsjoen wurde kin.

Dêrnjonken sil in lyts part fan de tiid brûkt wurde foar it 'stille riejaan' en de kontakten mei de profesjonele muzykorganisaasjes bûten Fryslân, foar safier fan belang foar Fryslân.

#### 2.6.4.2 It jier 1992

Yn it jier 1992 sil it wurk op muzykgebiet bestean út:

- it foar en mei de earderneamde muzykorganisaasjes ûntwikkeljen en organisearjen fan kursussen, stúdzjedagen, workshops en play-ins;
- it tarieden en organisearjen fan de koarskoalle foar Fryslân;
- de organisatoaryske stipe oan it Jeugdharmony-orkest en de Jeugdbrassband;
- de tsjinstferliening en ynhâldlike stipe oan de ûnderskate muzykorganisaasjes, ynklusyf stichting Internationaal Hoornconcours;
- de muzykbydrage binnen de 'Wike fan de Keunst' en manifestaasjes fan treden;
- stipe oan yndividuele musisi en muzykgroepen by harren wurk, subsydzjefersiken, promoasje, ensafh.;
- it meitsjen fan in rûnskriuwen foar de muzyksector mei aktuele berjochten fan belang foar de muzykútoefening en
- it opsetten fan in provinsjale dirigintebank.

#### 2.6.5. Toaniel

##### 2.5.5.1. De kommende fjouwer jier

It wurk op it gebiet fan it toaniel is yn it foarste plak rjochte op it befoarderjen fan kwaliteit en deskundigens. Beide binne bot nedich om it toaniel yn Fryslân dy rol spje te litten dy't nedich is binnen it stypjen fan de Fryske kultuer.

Fierwei it grutste part fan tiid en enerzjy sil rjochte wêze op it amateurtoaniel yn Fryslân: it oplieden fan amateurtoanielregisseurs, it ûntwikkeljen fan oarspronklik Frysk repertoire en it stypjen fan it berne- en jongereintoaniel. It beropstoaniel komt oan de oarder as it om it oparbeidzjen mei it amateurtoaniel giet yn de foarm fan gearwurkingsprojekten, it bieden fan dramaturgyske stipe fan Tryater en it stypjen fan de toanielskriuwerij.

Yn it wurk sil fierder in aksint lein wurde op kursussen en projekten foar toanielskriuwers en -oersetters, de deskundichheidsbefoarding fan it kader op it mêd fan it toaniel as it giet om dramatyske kennis en bysûnder omtinken foar de begelieding fan jeugd en bern dy't foar it earst op toanielmêd warber wurde.

Yn it lêste jier fan de planperioade komt der in ein oan de detasjearring fan de beide toanieladviseurs by it FCAA. Dy detasjearring hâldt net in skieden arbeidzjen fan toanieladviseurs en dramaturch yn.

Sawol mei help fan in regelmjittich wurkoerlis as binnen de kommisje toaniel sil in gearhingjend wurkprogram útfierd wurde, sadat de detasjearring sûnder gefolgen foar it wurk sels wêze sil.



It wurk fan de kommisje toaniel moat in goede ôfstimming tusken it wurk fan it Frysk Keunstynstitút en it wurk en it ferlet fan alle yn dy kommisje fertsjinwurdige Fryske toanielorganisaasjes garandearje. It oparbeidzjen tusken en mei de ûnderskate toanielfoarmen sil yn de kommisje en dêrbûten neistribbe wurde.

#### 2.6.5.2. It jier 1992

Yn it jier 1992 sil it wurk fan de dramaturch fan it Frysk Keunstynstitút bestean út:

- it fersoargjen fan kursussen skriuwen, rezjy, dramaturgy en foarstellingsanalyse;
- it opsetten fan in workshop toanielskriuwen en in oersettersprojekt;
- dramaturgyske begelieding fan yndividuele skriuwers, de jeugdteaterskoalle en Fryskafette;
- stipe fan it presintaasjetoaniel en de karmasterskursus;
- produksje dramaturgy foar de Fryske Toanielstifting Tryater;
- in bydrage oan de 'Wike fan de keunst';
- ynsidintele advizen en begeliedings.
- it jaan fan skriftlike ynformaasje en foarljochting bedoeld foar de toanielsektor.

#### 2.6.6. Aktiviteiten

##### 2.6.6.1. De kommende fjouwer jier

Under it haad 'aktiviteiten' falt al it wurk rjochte op de ûntwikkeling, organisaasje of stipe fan aktiviteiten en barrens dy't yn it algemien oer de grnzen fan ien fan de hjirfoar neamde wurksoarten hinnegeane of net ûnder dy wurksoarten falle, lykas it spesifike wurk op it gebiet fan de poadiumkeunsten of de stipefunksje foar de kulturele sintra yn Fryslân.

Yn dat ramt wurdt de prioriteit lein by de foarstap ta en/of it útfieren fan projekten en/of aktiviteiten boppe it al besteande oanbod en mei in foarbyld-en/of stimulearringsfunksje.

Yn it twadde plak giet it om help en stipe oan ûnderskate organisaasjes op it oanbelangjende mêd, de promoasje en foarljochting dêrby ynbegrepen.

Mei foaral de foarstap ta dizze aktiviteiten wol it Frysk Keunstynstitút ynhâld jaan oan syn sintrale rol yn it Fryske kulturele libben.

Dêrby kin it om de opset fan grutte troch beropsminskens út te fieren projekten gean, om krekt op de amateursektor rjochte projekten en om de kwaliteitsferbettering fan aktiviteiten fan treden.

In foarbyld fan it earste skift biedt de organisaasje fan it Frysk Festival, it twadde skift sil yn 1993 ynfold wurde troch de organisaasje fan in breed amateurfestival en it tredde skift bestiet út de help en it riejaan oan barrens op lokaal nivo.

De stipe oan treden of it oandiel yn gearwurkingsprojekten bestiet û.m. út de organisaasje fan de jeugdteaterdagen dy't ûnderwilens ta ien fan de grutste

eveneminten op dit mêd yn Nederlân útgroeid binne, de organisaasje fan de regionale Kunstbende, de organisaasje fan in scholierenfestival, de organisaasje fan iepen teaterdagen, in keunst op komst-dei en op kabaretmêd: Fryskafette.

It Frysk Keunstynstitút hat yn it ramt fan de eigen promoasje yn 1991 foar it earst in 'Wike fan de keunst' organiseard. Dat inisjatyf sil yn de planperioade fuortset wurde. Boppedat sil tiid en enerzjy stutsen wurde yn de organisaasje fan de kultuerdiskusje yn Fryslân. Dêrby moat tocht wurde oan foara, stúdzjedagen en lêzingerigen. Under it lêste haad falt ek de yn 1992 foar de 35ste kear en wer yn de mande mei de Fryske Akademy te organisearjen frouljuslêzings.

De ynformaasje oer de jierlikse programmamooglikheden sil yn de planperioade fierder foarm jûn wurde yn in ynformaasjegids en tagelyk sil besocht wurde de dokumintaasje op dit mêd te ferbetterjen sadat de tsjinstferliening op dit mêd ferbettere wurde kin.

Yn de rjochting fan de oanbieders fan programs, út Fryslân ôfkomstich en dy't sels ûnfoldwaande mooglikheden dêrta hawwe, sil neigien wurde as der in ympresariaatsfunksje ynfold wurde kin.

As lêste punt moat noch de útfiering fan de provinsjale subysdzjeregeling teater en muzyk neamd wurde. Yn de planperioade sil it útfieringsbelied oanskerpe wurde, om dêrmei de doelmjittigens fan de regeling te ferbetterjen.

#### **2.6.6.2. It jier 1992**

Yn 1992 sil it wurk bestean út:

- de organisaasje fan de 'Wike fan de Keunst', 'Keunst op komst', 'Iepen Teaterdei', Jeugdteaterdagen, Kunstbende en Scholierenfestival;
- tarieding fan it yn 1993 te hâlden amateurfestival;
- útjefte boek 'Programmamooglikheden';
- tarieding fan it yn 1995 te hâlden Frysk Festival;
- ferbetterjen dokumintaasje programmamooglikheden;
- oerlis ta en opset fan ympresariaat Fryske oanbieders;
- akwisyse fan en help oan lokale programma/eveneminte-organisators;
- útfieren fan en fersterkjen regeling teater en muzyk;
- organisaasje fan foara, stúdzjedagen en lêzingerigen;
- it jaan fan skriftlike ynformaasje en foarljochting oan de sektor;
- ûntwikkeling fan nije aktiviteiten, sa mooglik yn oparbeidzjen mei treden.

#### **2.6.7. Fierdere aktiviteiten**

##### **2.6.7.1. De kommende fjouwer jier**

Op it mêd fan de administrative en organisatoaryske tsjinstferliening moat útgien wurde fan in fuortsetten fan it besteande wurk. Utgongspunt is dat der op in kwalifiatyf sa heech mooglik nivo tsjinsten ferliend wurde oan non-profit organisaasjes op it mêd fan it Frysk Keunstynstitút,

Dêrby sille alle seilen byset wurde om de ûntjouwings op it mêd fan it automatysk gegevens ferarbeidzjen by te hâlden en op dy wize de tsjinstferliening op in sa goed mooglike en eigentiidske wize te dwaan.

Njonken de boekhâlding, finansjele administraasjes en leanadministraasjes sil it Frysk Keunstynstitút om ried op it mêd fan de administrative organisaasje frege wurde kinne.

Ek de bestjoersstipe yn de foarm fan skriuwerskippen of bestjoersried sil yn opdracht fan de oanbelangjende organisaasjes fuortset wurde.

Yn de ferhier fan materiaal giet it om twa skiften ntl. ljocht foar de poadiumkeunsten en útstallingsmateriaal. Yn it oanbod sil besocht wurde lykop te rinnen mei de fraach.

De op it hiele wurkfjild fan it Frysk Keunstynstitút fierde dokumintaasje sil de kommende jierren fersterke wurde foar safier't it om de eksterne funksje giet en spesifisearde wurde as it giet om de ynterne fraach.

It wurk op it mêd fan it Frysk kostúm sil fuortset wurde yn de foarm fan foarljochting en kursussen. Boppedat sil dit ûnderdiel meinommen wurde yn de 'Wike fan de keunst'.

#### **2.6.7.2 It jier 1992**

Foar it kommand jier betsjut it foargeande:

- it dwaan fan de administraasje, leanadministraasje en boekhâldings;
- it jaan fan ried oer de administrative organisaasje;
- it útlieën fan ljocht en útstallingsmateriaal;
- it dokumintearjen op it mêd fan de keunsten yn Fryslân;
- it jaan fan foarljochting en it organisearjen fan kursussen op it mêd fan it Frysk kostúm.

### 3. DE WERKLIJKHEID OANT NO TA

#### 3.1. Doel en taken

De nije organisaasje hat as karbrieflik doel it direkt en yndirekt stypjen fan de keunst yn de meast romme betsjutting yn Fryslân, sawol pleatslik, regionaal as yn provinsjaal ferbân, meikrigen.

Dat doel moat berikt wurde troch û.m.:

- it befoarderjen en stypjen fan it wurk op it mêd fan it toaniel, de muzyk, de dûns en bewegingskeunst, de foarmjouwing, de film, de literatuer, de boukeunst en de byldzjende keunsten;
- it oparbeidzjen mei stichtings en ynstellings;
- it bieden fan administrative en boekhâldkundige tsjinsten oan organisaasjes wurksum op ien of mear fan de hjirfoar neamde gebieten;
- it jaan fan stipe yn de meast romme betsjutting by it organisearjen fan keunstaktiviteiten yn Fryslân, en
- alle oare wettige middels dy't it doel tichterby bringe.

Yn de praktyk wurde de brûkte middels ûnder mear beheind troch it beskikbere jild en, de omfang en de ynfolling fan de personielsformaasje en de oanwêzigens fan kollega-organisaasjes.

Wat it lêste oanbelanget: it Frysk Keunstynstitút hat net de middels om op it mêd fan de film of de literatuer warber te wêzen, om't de stipefunksje op dy gebieten opdroegen is oan resp. it Fries Film Circuit en it Frysk Letterkundich Museum en Dokumintaesjesintrum.

Yn de provinsjale stikken giet it oer it ferfoljen fan de stipefunksje op it mêd fan toaniel, muzyk, byldzjende keunst, architektuer en foarmjouwing en dûns, njonken it ferlienen fan administrative en finansjele tsjinsten oan kulturele ynstellings en organisaasjes en it stypjen fan de organisaasje fan keunstaktiviteiten yn Fryslân.

Dêrby docht him de fraach foar yn hoefier hinne it begryp stipefunksje in taljochting nedich hat.

Yn de sosjaal-kultureel wurk defynysje fan it it begryp stipefunksje giet it om begelieding, kaderfoarming, dokumintaasje en it jaan fan ynformaasje, ûndersyk en stúdzje, bemiddeling en ûntwikkeling.

Al yn de mei foar it Frysk Keunstynstitút de grûnslach foarmjende notysje: "Fan trije nei ien: it Frysk Keunstynstitút" fan 1989, is opmurken dat: "Sûnder dat ek soks karbrieflik fêstlein wurdt, moat it dúdlik wêze dat it Keunstynstitút profesjonele en spesjalisearre taken foar de keunstsektor útfiert, sûnder dat it dêrby allinne of krekt om de yndertiid yn de ryksbydrageregeling sosjaal-kultureel wurk jûne omskriuwing giet. En dat hat net allinne mei it ferskil tusken de keunsten en it sosjaal-kultureel wurk te krijen, mar foaral ek mei it eigen provinsjale belied en de ynfolling fan dy taken op dit stuit. Boppedat hâldt de klant net altiten rekken mei de teory fan regelings en oarderings."

#### 3.2. De organisaasje

It organisaasjemodel fan it Frysk Keunstynstitút is plat en ienfâldich.

De organisaasje wurdt bestjoerd troch in bestjoer fan heechstens sân persoanen, dat yn syn wurk bystien wurdt troch in full-time direkteur.

Om de ôfstân ta it wurkfjild bestjoerlik net te grut te meitsjen is keazen foar it ynstellen fan in stichtingsried, besteande út heechstens fyftjin leden dy't oanwiisd wurde troch de bestjoeren fan organisaasjes wurksum op kultureel mêd yn Fryslân. De stichtingsried telt op dit stuit trettjin leden dy't fjirtjin ûnderskate organisaasjes fertsjinwurdigje.

De stichtingsried jout it bestjoer rie oer syn eigen gearstalling, it beliedsplan, de begrutting en de tariven, de jierrekken en it jierferslach.


Dêrnjonken hat it bestjoer besluten ta it ynstellen fan kommisjes foar resp. de dokumintaasje byldzjende keunsten, de dûns, it Frysk kostúm, de regeling teater en muzyk en it toaniel.

De kommisjes foar resp. de dûns en it toaniel kinne net lossjoen wurde fan it eardere bestean fan de Stichting Dûns en it Frysk Toanielferbân. Beide kommisjes funksjonearje as klankboerd foar de op it oanbelangjende mêd wurksame konsulinten.

De kommisje foar resp. it Frysk kostúm en de regeling teater en muzyk ferfolje in bot spesjalistyske taak. Feitlik bringe beide kommisjes in kennis yn de organisaasje dêr't it ynstitút sels net oer beskikt.

De dokumintaasjekommisje dy't út fertsjinwurdigers fan alle yn Fryslân wurkjende byldzjende keunstorganisaasjes bestiet, beoardielet de beropsmjittigens fan byldzjende keunstners y.f.m. harren opname yn de byldzjende keunstdokumintaasje fan it Frysk Keunstynstitút.

De ynterne organisaasje en personielsopbou kin as folget werjûn wurde:



Dêrby moat oantekene wurde dat de twa konsulinten drama/toanieladviseurs oant 1 jannewaris 1995 detasjeard binne by it Fries Centrum voor het Amateurtoneel/amateurtoanielskoalle.

Op 2 septimber 1991 koe it karbrief passeard wurde fan de Stichting Projekten Keunstynstitút. Dy nije rjochtspersoan, mei it selde bestjoer as dat fan it Frysk Keunstynstitút, is oprjochte om it formele dak te bieden oan tydlike projekten en meiwurk(st)ers.

### **3.3. It wurk**

Trochdat de personielsformaasje fan de nije organisaasje út de trije eardere organisaasjes, te witten it Frysk Toanielferbân, de Fryske Kultuerried en de Stichting Dûns ôfkomstich is, is it wurk net hielendal nij. Oars sein: de nije organisaasje hat in soad ûnderfining.

Yn it earste jier fan de nije organisaasje is foaral op dy ûnderfining fierder boud. Bestead wurk is fuortset en besteande kontakten binne oanhâlden.

De eardere advys- en oerlisfunksje fan de Fryske Kultuerried is ferfallen. It wurk is yn syn hiele hear en fear rjochte op de stipe yn en fan it 'fjild'.

Dêrby seit it himsels dat de opbou fan de nije organisaasje de nedige tiid freget.

Dat jildt sawol foar de relaasjes mei it fjild en yn dat ramt it ynstellen fan de al neamde kommisjes foar resp. dûns en toaniel, as foar de ynterne organisaasje as it giet om it ynstellen fan in wurkoerlis, it meitsjen fan proseduerre-ôfspraken of de opset fan in personielsbelied.

Der kin fêststeld wurde dat in part fan de meiwurk(st)ers in lyksoartige funksje ferfollet as foar 1 jannewaris 1991 it gefal wie. It wurk op it mêd fan de byldzjende keunsten, it toaniel, de dûns of de muzyk betsjut gjin brek mei it ferline.

Dreger leit it by de nije funksjes op it mêd fan de aktiviteiten en organisatoaryske stipe dy't, foar in part, nij stal krije moatte c.q. yn gearhingjen mei de oare funksjes ûntwikkele wurde moatte.

In oersjoch fan yn 1991 dien wurk wurdt yn in taheakke jûn.

### **3.4. It jild**

By beslút fan Provinsjale Steaten fan Fryslân fan 19 desimber 1990 hat de Provinsje foar it wurk fan it Frysk Keunstynstitút foar it jier 1991 in subsydze fan heechstens f1.540.474,- beskikber steld. Yn dat bedrach is f178.350,- ornearre foar it realisearjen fan ûnderskate aktiviteiten.

It hjirfoar neamde aktiviteitejild stiet ta beskikking fan it hiele wurkfjild fan it Frysk Keunstynstitút. Allinne is der yn 1991 rekken hâlden mei de ferdieling foar de reorganisaasje en it Steatebeslút fan 21 febrewaris 1990 oangeande 'het treffen van voorzieningen op het terrein van de culturele infrastructuur'.

Yn dat beslút hawwe de Steaten in bedrach fan f50.000,- foar muzykaktiviteiten en f20.000,- foar dûnsaktiviteiten útlutsen.

It yn de provinsjale beskikking oangeande it subsydze foar it Frysk Keunstynstitút opnommen bedrach oan aktiviteitejild, eaget rojaler as yn de werklikheid it gefal is.

Feitlik giet it om in bedrach fan f128.000,- oan aktiviteitejild, om't ek troch de reorganisaasje fuortfallen ynkkomsten mei dizze begruttingspost ferrekkene wurde moasten.

Op finansjeel mêd bestiet ek noch de nedige dizzenigens oer de BTW-problematyk. Yn 1991 binne útstellen oan it Provinsjaal Bestjoer dien om dy dizzenigens helder te krijen.

Njonken de subsydzje-ynkomsten hat de nije organisaasje in bedrach fan goed f65.000,- foar har earste jier rûsd oan ynkkomsten, as fergoeding foar materiaalferhier en tsjinstferliening.

### **3.5. De húsfesting**

It Frysk Keunstynstitút is te finen op twa lokaasjes: de Grutte Tsjerkstrjitte 41 yn Ljouwert en in toanieldependance oan de Neptunuswei 34 te Ljouwert. De lêste romte wie de eardere romte fan it Frysk Toanielferbân en wurdt op dit stuit brûkt as kursusromte foar it toaniel en kantoarromte foar de toanieladviseurs.

Oan de Grutte Tsjerkstrjitte 41 is de haadfestiging fan it Frysk Keunstynstitút te finen. Dêr giet it om kantoarromte foar de ûnderskate meiwurk(st)ers, sintrale resepsje, dokumintaasje, argyf en administraasje. Fierders is dêr in gearkomsteromte en it byldargyf op it mêd fan de byldzjende keunsten. Feitlik giet it om mear as allinne it pân Grutte Tsjerkstrjitte 41. Ek de ûnderferdjippings fan resp. de Grutte Tsjerkstrjitte 43 en 47 wurde troch it Frysk Keunstynstitút brûkt. Fierders wurde der depot- en wurkpleatsromten hierd oan de Digte Gasthuissteech en de Pijlsteech.

### **3.6. Kryppunten**

De nije organisaasje ken in tal kryppunten dy't de kommende jierren oplost c.q. weinommen wurde moatte.

Dêrby giet it oan de iene kant om kryppunten en tûkelteammen dy't eigen binne oan it nije fan de organisaasje, en oan de oare kant om friksjes dy't al langer besteane en ek mei de komst fan de nije organisaasje noch net oplost binne.

Ta it earste skift heart it noch ûnfoldwaande gearhingjen binnen de organisaasje. De organisaasje is eins noch net goed ynriden. It heakket hjir en dêr en it eindoel fan de reis is bytiden dizzenich.

Dat jildt ek foar it op elkoar ôfstimmen fan de ûnderskate funksjes. As der nei de ûnderskate konsulintefunksjes sjoen wurdt, kin der op dit stuit suver wat in yndieling makke wurde nei funksjes dy't rjochte binne op ien wurkfjild fan de keunsten, lykas b.g. de byldzjende keunsten, de dûns en it toaniel, en funksjes dy't op it hiele wurkfjild fan de keunsten rjochte binne, lykas dy fan de adjunkt-direkteur en de organisatoarysk meiwurkster. Dêr komt noch by, dat ek wat taakferfolling oanbelanget der in beskaat ûnderskied makke wurde kin tusken oan de iene kant konsulinten dy't foaral ek as 'dosint' optrede, en oan de oare kant konsulinten dy't mear op it organisatoaryske mêd arbeidzje.

It seit himsels dat foaral tusken it lêste skift en de op it brede mêd fan de keunsten arbeidzjende meiwurk(st)ers ferlet fan dúdlikens is.

Dêr komt noch in oar punt by. Oan de iene kant is it Frysk Keunstynstitút tsjinstferliener. Yn opdracht fan treden wurde tiid, jild en minsken ynset. Oan de oare kant is it Frysk Keunstynstitút ferantwurdlik foar eigen inisjativen en aktiviteiten. Hoe ferhâldt him ien en oar ta elkoar? En wat betsjut soks foar de profilearring fan it ynstitút?

De kar foar it iene of it oare hat rjochtstreeks gefolgen foar it plak en de wurkwiize fan it ynstitút. Sa freget it stipefunksjewurk, lykas de administrative tsjinstferliening, it nedige omtinken foar de akwisytsje fan 'ôfnimmers'. Feitlik bart dat op dit stuit net of te min. It ûnder eigen namme en ferantwurdlikens útfieren fan aktiviteiten freget in aktyf promoasjebelied en hat direkt gefolgen foar de mooglikheid om frege tsjinsten útfiere te kinnen.

It is dúdlik dat yn de kommende tiid in lykwicht fûn wurde moat tusken dizze twa saken en yn elts gefal dúdlikens oan de belanghawwenden jûn wurde moat.

Hjirfoar is it promoasjebelied neamd. Der kin net sein wurde dat it Frysk Keunstynstitút yn it earste jier fan syn bestean neat oan promoasje dien hat, mar in feit is wol dat soks oant no ta te fersnipele en ûnfoldwaande rjochte bart. Ofsjoen fan it wurk, is it foar eltse nije organisaasje in saak fan grutte ymportânsje om yn elts gefal nei de direkte doelgroep ta in dúdlik adres en gesicht te hawwen. Soks freget lykwols om jild dêr't de besteande begrutting net yn foarsjocht.

Yn it earste jier is foar de ferdieling c.q. it brûken fan it beskikbere aktiviteitjild útgien fan de hjirfoar al neamde provinsjaal jûne ferdieling en de praktyk by de eardere organisaasjes oant de reorganisaasje. Foar in earste of in twadde jier is soks ek net slim. In trochsetten fan dy line soe lykwols net allinne bot konservatyf wêze, mar ek de te ferwachtsjen mearwearde fan it yn ien organisaasje ûnderbringen fan ûnderskate, foar ferskillende fjilden wurkjende, stipefunksjes, yn de wei stean.

By it útein setten fan de nije organisaasje giet it om in fêstiging op twa plakken. Bilokaasje komt it funksjonearjen fan in organisaasje nea te'n goede. Dêr komt noch oerhinne dat de twa toanieladviseurs noch in tal jierren by it FCAA detasjeard wêze sille.

Yn de praktyk komt soks del op in suver selsstannige organisaasje oan de Neptunuswei, dêr't it Frysk Keunstynstitút allinne finansjele noed en soarch foar draacht. Foar it beëinigjen fan dy detasjearring binne ôfspraken makke. Oer in nije húsfesting is de ôfrûne twa jier al drok praat. Earst is der praat oer de Ljouwerter Fiverskoalle, it lêste jier is der yn de mande mei û.m. de Provinsje en de Gemeente Ljouwert besjoen yn hoefier hinne it Arendstúnkompleks yn Ljouwert de mooglikheid ta húsfesting fan de ûnderskate funksjes fan it Frysk Keunstynstitút biede kin. Kwa romte is dat yn elts gefal mooglik, de sinten is noch in probleem. Húsfesting yn it Arendstúnkompleks soe net allinne in ein meitsje oan de bilokaasje, mar ek romte biede foar b.g. repetysjelokalen foar toaniel, muzyk en dûns, dy't no misse en boppedat it Ynstitút romtlik mei de FTS Tryater en Ljouwerter kulturele organisaasjes ûnder ien dak bringe kinne.

As lêste punt moat noch de personielformaasje nei de pleatsfûne reorganisaasje neamd wurde. It Ynstitút is útein setten mei in te lytse administrative stêf, dy't boppedat nochris ekstra pleage wurdt troch de bilokaasje.

It giet net allinne om knyp punten dy't eigen binne oan de nijens fan de organisaasje, sa is hjirfoar steld, mar ek om saken dy't al langer spylje.



In foarbyld dêrfan wurdt foarme troch de net te begripen finansjele grûnslach foar de organisaasje dy't foarskriuwt foar de iene tsjinst in rekken te skriuwen en de oare tsjinst fergees te dwaan. It soe it wurk yn de midden komme as de hiele tsjinstferliening fergees dien wurde koe. Ek de no besteande BTW-problematyk soe dan yn ien kear oplost wêze.

Yn dit selde ferbân moat de ferhâlding ta de kommersjele tsjinstferlieners of ôfnimmers fan tsjinsten neamd wurde. Oan de iene kant wurdt de organisaasje konfronteard mei 'konkurrinsje' fan harren betelje littende bemiddelers dy't bytiden foar harren wurk fergees gebrûk meitsje fan de tsjinsten fan it Keunstynstitút.

En wat te dwaan mei 'klanten' dy't de tsjinsten fan it Keunstynstitút bêst betelje kinne soenen? Oer de ferhâlding tusken 'non-profit' en 'profit' sil neiere dúdlikens komme moatte.

Dy dúdlikens sil, lykas de oplossing fan de oare hjirfoar neamde knyppunten en tûkelteammen, fûn wurde moatte binnen it ramt fan it wurk dat it Frysk Keunstynstitút de kommende jierren dwaan wol en kin en de ambysjes dy't de rjochtline foar dat wurk biede.

#### 4. FINANSJES

Foar de kommende fjouwer jier wurdt fan de hjirneifolgjende mearjierrebegutting útgien:

| UTJEFTEN             | 1992        | 1993        | 1994        | 1995        |
|----------------------|-------------|-------------|-------------|-------------|
| Personielskosten     | 1.102.752,- | 1.142.980,- | 1.142.980,- | 1.142.980,- |
| Algemeine kosten     | 355.000,-   | 421.000,-   | 421.000,-   | 421.000,-   |
| Beskate aktiviteiten | 28.000,-    | 30.500,-    | 30.500,-    | 30.500,-    |
| Aktiviteiten         | 175.000,-   | 175.000,-   | 175.000,-   | 175.000,-   |

#### YNKOMSTEN

|                     |             |             |             |             |
|---------------------|-------------|-------------|-------------|-------------|
| Tsjinstferliening   | 68.000,-    | 83.000,-    | 83.000,-    | 83.000,-    |
| Subsydzje Provinsje | 1.585.752,- | 1.679.480,- | 1.679.480,- | 1.679.480,- |

Foar de personielskosten wurdt útgien fan de besetting en de ynskaling sa't dy oanjûn is yn it saneamde pleatsingsplan foar de reorganisaasje.

De algemiene kosten besteane út kapitaallestes, húsfestingskosten, burokosten, reis- en ferbliuwkosten en de kosten foar bibleteek, dokumintaasje en publisiteit.

Foar de post aktiviteiten is foar de te organisearjen aktiviteiten fan netto kosten útgien, d.w.s. dat de kosten fan in beskate aktiviteit yn de praktyk yn it algemien heger útfalle om't der foar oanfoljende finansiering soarge wurdt yn de foarm fan sponsoring, bydragen fan treden of advertinsjeynkomsten.

Foar 1992 wurdt de folgjende ynfolling fan de post aktiviteiten oanhâlden:

|                                |          |                  |
|--------------------------------|----------|------------------|
| bylizzjende keunstaktiviteiten | 20.000,- | 20.000,-         |
| kadering dûnspeagogen          | 8.000,-  |                  |
| kadering folksdûnslieding      | 8.000,-  |                  |
| kadering folkloarelieding      | 4.000,-  |                  |
| dûnsbarrens                    | 12.000,- | 32.000,-         |
| kadering muzykskoallen         | 5.000,-  |                  |
| kadering muzyk                 | 6.000,-  |                  |
| stipe jeugdharmony-orkest      | 15.000,- |                  |
| stipe pop en jazz              | 9.000,-  |                  |
| ûntwikkeling koarskoalle       | 15.000,- | 50.000,-         |
| útjefte toanielkrante          | 6.000,-  |                  |
| aktiviteiten toaniel           | 5.500,-  |                  |
| iepenlofttoaniel               | 25.500,- | 37.000,-         |
| algemiene keunstaktiviteiten   | 20.000,- |                  |
| foara c.a.                     | 5.000,-  |                  |
| promoasje-aktiviteiten         | 11.000,- | 36.000,-         |
|                                | TOTAAL   | <u>175.000,-</u> |

## 5. BYLAGE

### Aktiviteiten 1991

Op it mêd fan de byldzjende keunsten is der yn it earste jier fan it Frysk Keunstynstitút û.m. wurke oan de nije publikaasje Byldzjende Keunstners Fryslân. Foar in tal keunstners waard in brosjuere skreaun of in útstalling iepene, opdrachtadvizen en begelieding wie der û.m. foar De Nederlandsche Bank, de Christelijke Hogeschool Noord Nederland en de kunstcommissie Bilgaard.

De nije edukative útstalling 'Bouwen met verbeelding' waard makke en gie op toernee. Fierder waard der meiholpen oan it ta stân bringen fan de útstalling 'Met de dood voor ogen', dy't njonken Ljouwert ek yn it dútse Potsdam te sjen wie. Ek waarden presintaasjes realiseard op de manifestaasje 'Tuin '91' en 'Noordkunst'. Foar de abonnee's fan de Stichting Beeldende Kunst Friesland waard in tal lêzings fersoarge. De Nacht van de Architectuur waard mei organisearde en foar de útstalling 'Meesters van het Noorden' waard in soad wurk dien. Foar de nije Stichting Keramische Vormgeving Noord Nederland waard in beliedsplan skreaun, wylst ek de inisjatyfgroep atelierfoarsjennings stipe waard.

Fan de provinsjale byldzjende keunstoankeapen waard in útstalling yn de Kânslerij makke. Mei de Stichting Doarpshuzen waard in opset makke foar de promoasje fan byldzjende keunst en mei in lytse inisjatyfgroep waarden plannen foar in architektuer en foarmjouwingstydskrift ûntwikkele.

Yn opdracht fan de Provinsje Fryslân waard de oankeapsubsydzjeregeling keunstwurken útfierd.

Op it gebiet fan de dûns waard it earste jier fan it Frysk Keunstynstitút in drok program fan kursussen en dûnsmanifestaasjes ôfwurke. Sa waard op 12 febrewaris foar it earst in dûnsdei, spesjaal foar bern, hâlden. Foar de lanlike finale fan it amateurdûnsfestival waard de Fryske foarronde hâlden. Ek in grutte folksdûnsdei stie wer op it program en yn oparbeidzjen mei de konsulinten toaniel waard sawol in beljochtingskursus as in presintaasjedemusicaltraining hâlden. It oerlis dûnspedagogen waard stipe, û.o. troch de organisaasje fan in by-oplieding moderne dûns. Ek waard de nedige enerzjy yn it dûnsmuzikanteprojekt stutsen.

It jier sette trouwens útein mei de organisaasje fan in dûnstrijedaachse, sawol ornearre foar dûnspedagogen as foar amateurs. Unyk yn Nederlân is it jierlikse dûnsfakânsjekamp dat dit jier wer op Skylge hâlden waard.

Yn de mande mei it Frysk Folksdûnssintrum waarden ûnderskate kursussen organisearde. Om it wurk by de belanghawwenden bekend te meitsjen, is der in programmaboekje útjûn, oanfold mei it meitsjen fan in Nijsbrief dy't yn 1991 trijeris ferskynde.

Op toanielmêd falt it wurk fan de twa toanieladviseurs bûten de ferantwurdlikens fan it Frysk Keunstynstitút om't earder yn de hiele reorganisaasje besluten is ta in, tydlike, detasjearring by it Fries Centrum voor het Amateurtoneel/Amateurtoanielskoalle.

Dat wol net sizze dat it wurk fan de twa toanieladviseurs sûnder oerlis en relaasje mei it Frysk Keunstynstitút bart. Yn de toanielkommisje fan it Ynstitút fynt der in ôfstimming fan it wurk pleats, lykas yn de wurkkontakten tusken de dramaturch en de beide toanieladviseurs. Ek mei de oare konsulinten fan it ynstitút bestiet it nedige oparbeidzjen.

Wat it toaniel oanbelanget, it Frysk Keunstynstitút is wol sels ferantwurdlik foar

it wurk fan de dramaturch. Dy koe, neidat der yn it ramt fan de reorganisaasje in fakatuere ûntstien wie, per 1 juny 1991 oanlutsen wurde. Sûnt dy tiid is er njonken it nedige ynwurkjen, al útein set mei in regykursus, in oersetprojekt, dramaturgyske stipe oan sawol Tryater as it amateurtoaniel en de begelieding fan inkelde toanielskriuwers. Fierders is de dramaturch optreden as ynlieder by inkelde toanielfoarstellings. Ek is hy mei ferantwurdlik foar de útjefte fan de toanielkrante.

De sektor muzyk rjochtet har op de ynhâldlike en organisatoaryske stipe fan de provinsjale muzykorganisaasjes: de SAKO, de SAMO en de Friese Jazzfederatie. Sadwaande wie it Frysk Keunstynstitút yn syn earste jier û.m. behelle yn de organisaasje fan ûnderskate kursussen en de jeugdstudzjedagen foar de hafabra. Der waard stipe jûn oan it twadde hoarnkonkoers en mei as gefolch dêrfan yn de mande mei û.m. it Centrum voor Muziek Friesland arbeide oan opset, organisaasje en finansiering fan in ynternasjonale hoarnkonkoers, oer inkelde jierren yn Fryslân te hâlden. Der waard de nedige tiid set yn de stipe fan it Fries Concertkoor en de úteinlike oergang nei in Noordelijk Concertkoor.

Op it gebiet fan de aktiviteiten c.q. de stipe fan aktiviteiten troch it Frysk Keunstynstitút, moat yn it foarste plak de organisaasje fan de 'Wike fan de Keunst' neamd wurde. Fan sneon 31 augustus oant en mei sneon 7 septimber 1991 waard op ûnderskate plakken en benammen yn de Ljouwerter Kanslerij in 'Wike fan de Keunst' organisearde, besteande út optredens, symposia, demonstraasjes en lêzings en bedoeld om it Frysk Keunstynstitút ûnder de minsken te bringen. Foar de konsulinten fan it Frysk Keunstynstitút, wie dat it earste ynhâldlike gearwurkingsprojekt binnen de nije organisaasje.

Sels wie it Frysk Keunstynstitút fierders (mei-) ferantwurdlik foar it hâlden fan Fryskafette II, de Jeugdteaterdagen, de Iepen Teaterdei en 'Keunst op komst'. Ek it Frysk Festival, foar it lêst hâlden yn 1990, frege wer de nedige tiid, sawol sjoen it ôfhanneljen fan dat wat west hat as it meitsjen fan plannen foar dat wat komt. Stipe waard der jûn oan it Fries Straatfestival, de fryske organisaasje fan de 'Kunstbende', it 'Monument van de Maand', de Stichting 'Westerkerk' yn Ljouwert en it Bûn om Utens en in tal fan syn leden.

Der waard wer in tal kearen mei de kulturele sintra yn Fryslân oerlein. Foar harren en tal fan organisaasjes en partikulieren waard it boek 'Programma-mogelijkheden', in wiidweidich oersjoch fan it podiumkeunsttoanbod, makke. Yn opdracht fan de Provinsje Fryslân waard de subsydzjeregeling 'teater en muzyk' útfierd. Nije fragen om stipe kamen fan it Frysk Bernekoar, de Opsterlandse Kunststichting en de organisaasje fan it Provinciaal Scholierenfestival. Yn opdracht fan de gemeente Weststellingwerf waard in notysje oer it gemeentlik te fieren belied op it mêd fan de keunsten skreaun.

As gefolch fan al earder makke ôfspraken joech it Keunstynstitút yn de rin fan syn earste jier noch de edukative kaart fan Fryslân út.

Yn de mande mei de Fryske Akademy waard de al mear as tritich jier besteande rige fan frouljuslêzings fuortset, ditkear mei in rekord tal dielnimsters fan goed 1000 froulju.

Op it gebiet fan it Frysk Kostúm waard wer de Kostúmmiddei hâlden. Fierder waard in grut tal poppen en kostúms keurd, in kursus organisearde en in demonstraasjemiddei hâlden.

'Silent advice' hjit it part fan it wurk dat gjin namme hat, mar wol de nedige tiid freget. It giet om it beânderjen fan allerhanne telefoanysk stelde fragen om

advys en ynformaasje, it helpen fan de lju dy't ûnferwachte lânskomme, it riejaan fan keunstners en produsinten oer saken dy't direkt mei harren wurk gearhingje, ensafh.

In administrative, boekhâldkundige, finansjele en/of organisatoaryske tsjinstferliening waard it earste jier, bûten de hjirfoar al neamde organisaasjes, ferliend oan de Federatie van Friese Muziekscholen, de Stifting Taal en Kultuer, it Skriuwersbûn, de Stichting Fries Film Circuit, de Fryske Rie, it Frysk Lânboumuseum, it Frysk Letterkundich Museum en Dokumintaasjesintrum, de stichting Monument van de Maand, de stichting Westerkerk, de Stichting Stimulearring Frysk Toaniel, de Stichting Kunstzinnige Vorming Friesland, de Stichting Hothouse Redbad en it Frysk Natuer Museum.

Fierders gie de nedige tiid yn it earste jier fan it Frysk Keunstynstitút hinne mei it bestjoerlike wurk, in twatal sollisitaasje-prosedueres, plannen ta in oare húsferfesting, reaksje op en oerlis oer provinsjale plannen mei de byldzjende keunstsektor, de fertsjinwurdiging fan it ynstitút nei bûten en yn beskate organisaasjes en de organisaasje-ûntwikkeling fan it emansipatoarysk-edukatyf wurk foar froulju dat om't ien en oar net op 1 jannewaris 1991 al rûn wie, noch in plak yn it Frysk Keunstynstitút hat.